


Geoffrey Chaucer – The Canterbury Tales – Kenterboarger Teltsjes

Oersetting út it Midingelsk wei yn it Frysk: Klaas Bruinsma
Omstaverjen, digitalisearjen en publikaasje (op it ynternet):
Sytze T. Hiemstra, Drachten, 2013
© Klaas Bruinsma, Drachten, 2013



Oanrin ta it Teltsje fan de Prioress (The Prioress' Prologue)

Domine Dominus Noster ...

- 1 O Hear, ús Hear. Jo wûnd're name leit
oer dizze grutte wrâld ferspraat, sei hja.
Want net allinne lju fan weardichheid
bringe Jo kostb're gloarje hulde ta.
- 5 Mar ek de mûlen fan de berntsjes ha

Jo goedens yn: wylst hja oan 't boarst jit sûge,
ha hja soms fan Jo hearlikheid al tsjûge

- Ik wol ta lof, nei bêstens en bekwamens,
fan Jo en fan de wite leeljeblom,
- 10 har dy't Jo berne hat, en ivich Faam is,
ferhelj' in stoarj' en doch myn flyt dêrom.
Net dat 'k Har eare te fergrutsjen kom,
want Hja is selme ear; woartel en saad
fan goedens, nêst Har Soan, en siele' baat.
 - 15 O Mem en Faam! O Faam en Mem, sa eal!
Bosk net ferbrând, dat brânend Mozes wonk,
Jo hellen del út Goades himelseal
troch dimmenheid de Geast, dy't yn Jo sonk.
En troch Syn krêft, doe't Hy yn 't hert Jo blonk,
 - 20 waard heite Wiisheid yn Jo skert' ûntfongen.
Help my ta Jo earbiedenis te sjongen!

- Frouwe, Jo goedens en Jo swidens kein,
Jo tigens en Jo grutte dimmenheid,
kinn' fan gjin tong' yn hokker witnis sein.
- 25 Want Frouwe, soms ear't men in bea Jo seit,
geane Jo foar yn Jo goedgeunstichheid,
en bringe troch Jo bea it ljocht ús oan,
om ús te lieden ta Jo leave Soan.

- Myn keunst is swak, o sill'ge Keninginn',
- 30 as ik ferklearje wol Jo weardichheid,
sadat ik it gewicht net drage kin,
mar sa't mei't bern fan skraach tolf moanne leit,
dat amperoan ien inkeld wurdje seit,

krekt sa bin ik, en dêrom bid ik no:
 35 lied Jo myn liet, dat 'k sjonge sil fan Jo!

It Teltsje fan de Priorinne (The Prioress' Tale)

1 Der wie yn Azië, yn in grutte stêd,
 midsmank it Kristenfolk in Joadewyk,
 dy't, fan in hear fan dy kontreien ret,
 om fûle rint' en skelmske winstpraktyk
 5 haatlik foar Kristus wie en hiel Syn ryk.
 En troch de strjitte koe men gean of ride,
 want dy wie frij, iepen oan eltse side.

In lytse skoalle fan 'e Krist'nen stie
 dêr oan 'e fierste ein; dêryn ferkearden
 10 in hopen bern fan Kristen bloed en sie,
 dy't yn dy skoalle jier op jierren learden
 sok ûnderrjocht as hja doetiids studearden,
 dat sizze wol it sjongen en it lêzen,
 sa't lytse bern lear' yn har bernewêzen.

15 Mank dizze bern wie ek in widdosoan,
 in lytse learling; sân jier âld wie 't bern.
 En dei oan dei nei skoalle wied er woan,
 en wend ek, krige er it byld te sjen
 fan Kristus' Mem, syn wenst te hâlden, en,
 20 lykas him leard wie, knibb'l' er del en sei
Ave Maria, as er gyng syn wei.

Sa hie dy widdo har lyts soantsje leard
 om Kristus' leave Mem, ús sill'ge Frou,
 altyd te earjen; nea dat hy 't fergeat;

25 in simpel bern leart ommers altyd gau.
 Wannear't ik oan dy stoarje tink, stiet trou
 Sint Niklaas foar my en ferlit my nea,
 Om't hy sa jong al Kristus hulde bea.

As dit lyts bern ús syn lyts boekje learde,
 30 syn earst missaal yn skoalle lies op toan,
 en *Alma redemptoris* sjongen hearde,
 as d' oaren learden dizze antifoan,
 dan, as er doarst, kroep er stees neier oan,
 en hearde wurden en meldij sa folle,
 35 oant er it earste fers koe út 'e holle.

Hy wist noch net wat dit Latyn him sei,
 hy wie sa'n jong, tear herterke yn dizzen.
 Mar oan in maatsje freg' er op in dei,
 dat liet him yn syn sprake út te lizzen,
 40 en wêrom't 't yn gebrûk wie, him te sizzen.
 't Ferdútsen en 't ferklearjen fan dy saken
 smek' er him op syn bleate knibbels faken.

Syn kammeraat, dy't âlder wie as hy,
 antwurde him: "Dat liet, ha 'k sizzen heard,
 45 waard makke oer ús sill'ge Frou Marij,
 har ta in groetnis en in gebed,
 dat hja is help en taflecht foar wa't stjert.
 Ik kin net mear útlizz' yn dizze saken.
 'k Lear songen, mar 'k wit net in bult fan spraken."

50 "O, is dit liet yndied makke ta eare
 fan Kristus' Mem?" sei dat ûnskuldich bern.
 "No, dan wol 'k wier myn flyt dwaan en it leare,

dat ik 't alhiel ear't Krysttyd om is, ken.
 Al sil men om myn boek m' in loef ôfsjen,
 55 en trij'ris yn in oere my ôftouwe,
 ik wol it kennen t' eare fan ús Frouwe."

Syn maat learde 'm temûk op wei nei hûs
 dei út dei yn, oant hy it út 'e pinne
 sels koe; doe song er 't ûnferfeard en prûs;
 60 hy soe yn wurd noch noaten him fersinne.
 En twaris dei kaam 't út syn kiel fandinne;
 as er nei skoalle en op hûs yn sette.
 Op Kristus' Mem sett' er syn hiele herte.

Sa 'k sein ha, plichte yn dy Joadske gloppen
 65 dat lytse bern, as 't dêr trochhinne gong,
 fol fleurigens te sjongen en te roppen,
 dat *Alma redemptoris* jimmer song.
 De swietens fan de Mem fan Kristus krong
 sa djip syn hert yn, dat hy liet net nei
 70 en bid ta har en sjong bylâns de wei.

Us earste fijân Satanas, de slang,
 dy hat yn 't Joadske hert syn meepsenêst,
 swold' op en sei: "Hebreeër-folk, hoe lang
 is dit in earlik ding en jim wol bêst,
 75 dat sok in jonge swalket sa't him lêst
 ta hún fan jim, en sjongt fan dy suzjetten,
 dy't stridich binn' mei d' earbied fan jim wetten?"

Fan dat stuit ôf spanden de Joaden gear,
 en driuw dizz' ûnskuld út 'e wrâld yndie:
 80 in moardner hierden hja ta dit affear,

dy't yn in steech in stikem plakje hie.
 En doe't it bern bylâns dy harne gie,
 griep dy ferfloket Joad him, kniep him hurd,
 snie ôf syn kiel en smiet him yn in put.

85 Ik sei dat yn in húske, dêr't dy Joaden
 har yngewant útklinzgje, hja him keild ha.
 O flokt folk fan Herodes nijste moarden,
 wat kin jim kwea bedoelen jim ta heil ha?
 In moard komt út, wiswier, dat sil gjin feil ha,
 90 benammen as it om Gods eare giet.
 It bloed ropt lûd oer jim ferflokke died.

O martler, knotte oan de famme' keinens,
 no meisto sjong' en folgje jimmeroan
 it wite Laam dat giet yn himelreinens;
 95 wêrfan't de grutt' evangelist Sint Jan
 op Patmos skreau, dy't seit dat ûnbedoarn
 gean mei dat Laam en sjonge nij en nesk
 hja dy't nea froulju koenen nei it flesk.

De earne widdo wachte hiel dy nacht,
 100 wacht' op har lytse bern, mar om 'e nocht.
 Dêrom, sadree't hja seach it dageljocht,
 mei't antlit bleek fan frees en efortocht
 hat hja op skoall' en oarrewei him socht,
 oant lang om let hja hearde by't gesyk;
 105 hy wie it lêst sjoen yn de Joadewyk.

Mei memme dearnis yn it boarst besletten,
 wie hja, as ien dy't slein is yn 'e sinnen,
 nei elts plak dêr't hja him fermoede, setten.

dêr't hja foar't neist har bern tocht sjen te kinnen.
 110 En Kristus' Mem, sêftmoedich en te minnen.
 rôp hja aloan; it lêste dat hja wrocht
 wie dat hja 'm mank dy flokte Joaden socht.

Hja freg' en bea yn har bekommernis
 oan eltse Joad dy't wenne op dat stede,
 115 te sizzen oft har bern foarby gien is.
 Hja seine: "Nee", mar Jezus Syn genede
 joech nei in lytse set har yn 'e rede,
 dat op dat plakje om har soan hja kriet,
 dêr't men him yn in put beside smiet.

120 O grutte God, dy't wêzenje Jo rom
 út mûlen fan ûnskuld'gen, sjoch Jo macht!
 Dy prachtige robyn fan't martlerdom.
 dy edelstien fan keinens, dy smaragd,
 dy't mei tekurven kiel lei nei de slacht,
 125 song *Alma redemptoris* dêr't er sonk,
 sa lûd dat hiel it plak dêrfan wjerklonk.

It Kristenfolk dat rûn troch dizze stjitte,
 kaam oan en wie ferwûnd're dat er song,
 en hastich liet men it de grytman witte,
 130 dy't sûnder somjen kaam op stel en sprong,
 de lof fan Kristus Himmelkening song,
 en fan Syn Mem, as ear fan 't minskdom sierd,
 wêrnei't er dizze Joaden bine liet.

It bern waard mei djipdrôve lamentaasje
 135 opnaam, mar 't song syn sang aloan en wei.
 En mei de ear fan grutte stoet en staasje

namen hja nei de neist' abdiij him mei.
 Syn men beswime by de bierre lei.
 't Folk dat dêr wie, koe pas mei grut beswier
 140 dy oarde Rachel binge fan syn bier.

De grytman hiet, dy Joaden soenen stjerre
 mei marteling en elts de skandedea
 dy't fan dy moard wist: der moast fuort krewearre.
 Sa'n flokte died ferneare soed er nea:
 145 "Dy't kwea fertsjinnet, kriget grif it kwea."
 Mei wylde hyns liet er har dêrom repe,
 En neffens wet doe nei de hinger slepe.

En op syn bier lei jit d' ûnskuld'ge fint
 foar 't heechalter, oant lêst missaal.
 150 En dêrnei ha de abt en syn konvint
 har haaste en beïerdigje him tel.
 Hja snjitten hillich wetter oer him del.
 Jit wylst men hillich wetter sprink'le, prat' er
 en song: "*O Alma redemptoris matet!*"

155 Dizz' abbet, wis in hillich man te karren,
 Sa't muontsen binn', teminsten wêze moatte,
 begûn dat jonge berntsje te beswarren,
 en sei: "Ik smeeke dy, o leave harte,
 út krêft fan d' Hill'ge Triniteit, yn 't koarte
 160 my te fertellen wat dy sjongen docht,
 wylst dy de kiel ôfsnien is, nei 't my tocht."

"Myn kiel is oant myn nekkebonk' ôfsnien,"
 sei doe dat bern, "en naam natuer syn rjocht,
 ik wie ferstoarn, ja lang tiid fergien.

165 Mar Jezus Kristus, sa't m' yn boeken sjocht,
wol dat Syn gloarje duorjend wurdt betocht.
En om d' oanbidding fan Syn Memme ear
mei ik jit sjong' *O Alma* lûd en klear.

170 Dy wei fan myldens, Kristus' Mem sa swiet,
ha 'k leave jimmeroan, safoll' ik koe.
En tsjin de tiid dat 't libben my ferliet,
kaam hja ta my, en bea my oft ik woe
en sjong dy antifoan, as 'k stjerre soe,
sa't jimme leard ha, en oan d' ein fan't sjongen
175 lei hja, tocht my, in kerl my op 'e tonge.

Dêrom sjong ik, en sjonge moat ik wis,
ta eare fan dy sill'ge Faam Marij,
oant fan myn tonge dizze kerl naam is.
En nei dy wurden spriek hja sa tsjin my:

180 'Myn lytse bern, ik kom en helje dy,
as men de kerl dy fan de tonge take
en eangje net, ik sil dy nea fersake.'''

Dy hill'ge muonts, ik mien dy abt fol trêft,
hell' út syn tong' en naam dêrwei dy grein.
185 En 't lytse jonkje joech de geast hiel sêft.
En doe't de abt dat wûnder seach folslein,
dripten syn sâlte triennen del as rein,
en foaroer foel er del, plat op 'e grûn,
en lei sa stil, as hiene hja him bûn.

190 Weinend en priizgjend Kristus' Mem fol minne
lein' ek de kleasterlingen op 'e flier.
Doe riisden hja oerein en gyngen hinne,

en namen dizze martler fan syn bier.
En yn in grêft fan marmerstiente glier
ha hja syn lytse, leave lea besletten
195 Dêr't hy no is, God jou' dat wy dêr metten!

O jonge Hugh fan Lincoln, lyksa slein
fan flokte Joaden, sa't elts witte kin,
- want sûnt is mar in koarte tiid ferflein -
200 bid ek foar ús, wif folk fan sûndich sin,
dat God yn Syn gened' en mylde min
oer ús gol Syn genede grut útdije,
om d' earbied foar syn leave Mem Marije.
Amen.